Beantwoording schriftelijke vragen artikel 44 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag	**:**	17-32
Datum indienen vraag	:	23 oktober 2017
Naam vraagsteller	:	mevr. W. Poelman (FNP)
Portefeuillehouder	:	dhr. J. Spoelstra
Ambtenaar	:	dhr. R. van der Kooy
Datum akkoord college	:	21 november 2017
Zaaknummer	:	Z2017-10508

Underwerp
Spoartunnel Trekwei Bûtenpost

Op 23 oktober 2017 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer de spoartunnel oan de Trekwei Bûtenpost. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding
Nei de evaluaasje oanlis rûnwei Buitenpost yn 2014 is de ried fan Achtkarspelen op 26 juny 2014 akkoart gongen mei in ekstra bedrach fan 50.000 euro foar de oanlis fan in Spoartunnel oan de Trekwei Bûtenpost tusken Gerkeskleaster-Strobos en Kollum. It totaal bedrach dat frij kaam foar dizze oanlis is 170.000 euro.

Op fragen fan it Pleatslik Belang Gerkeskleaster-Strobos wat de stân fan saken is oangeande de oanlis fan dizze spoartunnel is troch de gemeente oanjûn dat it de bedoeling is om de tunnel ein 2017 klear te ha.

De needsaak fan de oanlis fan dizze tunnel is noch neat feroare; gefaar fan bern dy't oer it hek klimme om in koartere wei te nimmen, it toeristysk belang fan in bettere fytsferbining tusken Achtkarspelen en Kollumerlân e.o., gefaarlike oerstekken op de Parallelwei nei it fiadukt (de op dit stuit iennige alternative rûte) en werom, ensfh.

Fragen
1. Kin it Kolleezje oanjaan wat de stân fan saken is oangeande de oanlis fan dizze spoartunnel?
2. Kinne wy as ried op 'e hichte brocht wurde fan de ynhâld fan de oerlizzen mei Prorail en it Wetterskip, en eigeners fan de omlizzende grûn?
3. By mooglike tûkelteammen en beswieren fan partijen by de oanlis fan dizze tunnel, kin it Kolleezje oanjaan hokker oplossing men derfoar hat?
4. Is it Kolleezje it mei ús iens dat de foarsichtige tasizzing dat de tunnel yn 2017 klear wêze koe bepaalde ferwachtingen oproppe kin by de omlizzende doarpen?
5. As dizze eindatum net helle wurdt, wurde der dan yn it ramt hjirfan ynformearjende petearen mei oanbelangjende partijen organisearre?
6. Kinne wy der fan út gean dat wy as ried op koarte termyn in 'tijdlijn' fan it proses oant no ta en in plan foar de takomst temjitte sjen kinne?

Reaksje kolleezje
1. Wy binne noch hieltyd yn petear mei alle belutsen partijen (Prorail, it Wetterskip Fryslân, de Provinsje Fryslân en de eigners fan de oanlizzende persielen) om ta in definityf ûntwerp te kommen dat foar alle partijen akseptabel is en dat ek finânsjeel en technysk sjoen mooglik is. Dat is needsaaklik omdat wy by einbeslút tastimming fan al dizze partijen nedich hawwe.

2. In de oerlizzen is hieltyd sjoen hoe't de easken fan de belutsen partijen ferwurke wurde kinne yn in (earste) ûntwerp. Oer hoe't bepaalde easken krekt ferwurke wurde moatte en oft wy oan alle easken temjitte komme kinne, is noch hieltyd diskusje.
3. It oerlis bart op in konstruktive wize mar it giet spitigernôch net hurd. Alle ynspannings binne der op rjochte om ta in definityf ûntwerp te kommen dat foar elts akseptabel is en technysk en finânsjeel sjoen út te fieren is. In konkrete tûkelteam is bygelyks dat Prorail stelt dat der neat oan harren brêge fêstmakke wurde mei. Soks hat ynfloed op de konstruksje fan de ûnderdelgong en dêrtrôch sil de hichte foar fytsers te leech wurde. Ek de oansluting fan de noch oan te bringen walbeskoeiïng by it lânhaad fan de spoarbrêge is dan technysk sjoen eins net te dwaan.
4. Dêr is it kolleezje it mei iens.
5. Wy sille yndie de belutsenen, wêrûnder de Pleatslike Belangen fan Gerkeskleaster-Stroobos en Bûtenpost, op 'e hichte bringe fan de lêste stân fan saken en hokker gefolgen dat hat foar de planning.
6. It proses is oant no ta hieltyd rjochte op it kommen ta in mienskiplik ûntwerp dat ek út te fieren is. Hoe't it proses der yn de takomst útsjocht is lêstich te omskriuwen omdat wy ôfhinklik binne fan de meiwurking en tastimming fan oare belutsen partijen. Sadree wy it meiïnoar iens binne oer in definityf ûntwerp dat technysk en finânsjeel te dwaan is, kinne wy it ferfolchproses ek helder oanjaan. De ynspannings fanút de gemeente binne derop rjochte om ta in realisaasje te kommen yn de twadde helte fan 2018. Mochten der noch oare ûntjouwings wêze dy't soks yn it paed steane dan sil de gemeente de direkt belutsenenen en de gemeenterie dêr bytiids fan op 'e hichte bringe.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris, boargemaster,

mr. drs. E.H.C. van der Laan G. Gerbrandy